

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man fan de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearing yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1ste foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wienen der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woene wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,-).

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300ste lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net alinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris. Spitigernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog
<http://www.fryskbutenfryslan.fr>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingablêd fan de Sékrite



© Kopiearrjocht VEB® - 2009

Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan It Keninklik Frysk Boun om Utens

Jiergong 40
Nûmer 4, JANNEWARIS 2026

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra

Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn
gooit u uw auto toch
ook niet weg?**



van Bommel
MOERGESTEL
HOLLAND

VAN LIER
since 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

Foar nije en healsliten boeken



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk

0320 - 412444

luit.dijk@kpnmail.nl

50 JIERRICH BESTEAN OP 7 FEBREWARIS 2026



OFSKIED SJONGKOAR OP 7 FEBREWARIS 2026



AG en M- en Y-dei 28 maart 2026.

Sneon 28 maart 2026 binne jimme wolkom op de Algemiene Gearkomste en de Moetings- en Ynspiraasjemiddei fan it Keninklik Frysk Boun om Utens. Dizze sille holden wurde yn doarpshûs 'Ugchelens Belang' yn Ugchelen by de krite 'Fier fan Hûs' fan Apeldoarn.

**MOETINGS- EN
YNSPIRAASJE DEI**

Oanspiele (Myrte Marije Veenbaas)

Ik sette ôf yn 'e eftertún
boarte sidekrûp mei in krobbe
hy rûn fuort dat ik gong nei de bijen
we songen en frieten huning

de wyn blaasde bernestimmen
oer in sompe mei blommen
ik plôke in fioeltsje en ferdronk

net, in beam op jierren joech my in hân
ronfelige fingers wiisden nei de hurd
mar ik woe de klippen fan it trepsgat op en sprong
spielde oan op it kleed, sâlte raffels yn 'e eagen

mem lei te lêzen op 'e bank –
de weagen dunen op har sykheljen

MUS (Musyk út Stiens) 15 novimber yn Posa (Metsje Koopman)

De earste gearkomste fan de Fryske Krite yn it seizoen fan 2025/2026 op de jiergearkomste nei. Om ien oere stiet it bestjoer fan de krite wer yn de startblokken om de seal klear te meitsjen. Jan Bijkerk hat de regy, Luit sjout him wer in bult mei de Fryske boeken, Annie en Yvonne regelje de lotterij en de kleedsjes op de tafels, Jan Koopman is bliid dat it jild wer kloppet en Hans klimt wer de ljedder op om de flachjes op te hingjen.

De middei kin begjinne. Hjoed treedt foar ús op de Folkgroep MUS (Musk út Stiens). Sy sjonge en spylje allegearre Ierske folksferskes. Se hawwe fan de ferskes it refrein op papier setten foar it publyk. Dy kinne dan moai meisjonge. Sa is it net sa'n ienrjochtingsferkear en is de ynteraksje mei de band en publyk o sa gesellich. Se spylje wol 14 ferskes en wikselje ek wolris fan ynstruminten. It wie oangenome, lekkere muzyk en de sfear wie gesellich. Wij wiene bliid mei de opkomst van 38 persoanen. Ik hie it gefoel, dat elts der wol wer sin yn hie. En omdat it dochs gjin waar wie, koene je mar better yn Posa sitte. Bliid dat jimme der wienen.

..... Wa wit it antwurd op de fraach: werom stienen de froulju en sieten de manlju fan MUS?

**Ynhâld Meidielingebled:**

	side
# Foaropwurd fan de foarsitters Sjongkoar en Krite	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2025-2026 en Krittenijs	4
# Ut de Boekehoeke	5
# Op de tee by frou Schiere	6
# Gedicht 'Kij op stâl'.....	7
# Utnûging foar it 50-jierrich JUBILEUM op 7 febrewaris.....	8
# Utnûging foar Teätergroep FJOER mei it toanielstik 'LEK'.....	10
# Ut de Itensiderij	11
# Kuier fan Oldemarkt nei de Kuinre troch Eabele vd Veen	15
# Ferslach fan MUS fan 15 novimber 2025	16
# Nij KFBou en gedicht 'Oanspiele'.....	17

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 7 febrewaris 2026.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite en oare saken:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Wytske Fransen, e-mail: wytstra@gmail.com

Kosten: It lidmaatskip is €25,- yn't jier / stipers € 17,50 yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber, foarôfgeand oan it winterskoft, by skriuwer Luit Dijk.

Lidmaatskipsjild. It lidmaatskipsjild moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft betelle wurde. Ek kin der foar keazen wurde om yn 2 termienen te beteljen en wol foar 1 septimber de helte en foar 1 febrewaris dêrnei de oare helte. Nei de folsleine betelling wurdt it bewiis fan lidmaatskip útrikt.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: Jan en Sjoerdsje Bijkerk.

Eareleden fan de krite: Albert Postma en Gerrit Kingma.

FAN DE FOARSITTER fan it Sjongkoar**50 JIER FRYSK SJONGKOAR LELYSTED**

As ik dit sa skriuw, dan tink ik: wêr is dy tiid bleaun.

Wy binne lyts begûn, mei 14 sjongers dy't harren oanmeld hiene by in kritejûn. En wy binne by Douwe en Klaske Gaastra yn 'e keamer begûn mei frou de Vries as diriginte. Yn it bestjoer kamen: Jitske Ypma as foarsitter, frou Visscher as ponghâldster en Wytke Fransen as skriuwer ..., mar de keamer by Douwe en Klaske waard te lyts, want der kamen noch tsien sjongers by. En nei twa kear by harren yn 'e keamer te repetearen, hawwe wy in romte yn de SGL fûn.

Wy krigen al gau in útnûging fan de polderkoaren-kommisje en dêr hawwe wy ek ferskate jierren oan mei dien, mei tige goeie resinsjes yn 'e krante.

We krigen op 27 oktober 1978 ek in útnûging fan de krite "Rjucht en Sljucht" út De Haach, wêr't wy mei in bus fol folk hinne reizge binne.

Troch de jierren hinne hawwe wy in protte ûnderweis west foar krite om utens en foar it Boun om Utens, mar ik wol jimme hjirby útnûgje om nei ús jubileumdei te kommen, dan sjogge jimme in foto reportaazje fan 50 jier sjongkoar, gearstald troch Douwe Gaastra en Jan Bijkerk. Dêrfoar myn grutte tank, want der is in protte tiid yn sitten gien.

Us trije lêste jierren wienen net de bêste, in protte sykte, sjongers die kamen te ferstjerren en it oantal leden waard lytser, ôfrûne jier hawwe wy mei-inoar besluten noch ien jier te gean, dan hawwe wy de 50 jier helle. It like ús goed om dan op te ophâlden.

Wy hawwe yn 2025 krekt in moaie krystsjongmiddei fersoarge en dêrmei ek de lêste. Ik hoopje dat wy op 7 febrewaris 2026 noch in moai jubileum en reüny, mei in lêste Fryske sjongmiddei, meimeitsje meie.

Wytke Fransen, foarsitter Frysk Sjongkoar Lelystêd.

FAN DE FOARSITTER fan de krite

Bêste kriteleden,

Alderearst winskje ik jimme alle goeds ta yn it nije jier 2026. Yn it bysûnder fansels sa folle mooglik sûnens, want ôfrûne jier binne ús ferskate leden ûntfallen. Lokkich binne der ôfrûne jier in stikmennich leden fan Hurderwyk by ús op de krite lid wurden, sadat wy noch net hiel folle efterútbuorke binne.

It jier 2026 is in jier mei jubileums, op 7 febrewaris en 14 novimber! Op

In gedicht om yn te skûljen (Arjan Hut, Dichter fan Fryslân).

Watfoar bern wie ik eins, doetiids, yn de Fryske wâlden, yn in nijbouwyk oan de râne fan it doarp? Achter ús hûs begûnen 'de lannen', in mysterieuze wrâld fan rjochthoekige griene teäters, mei muorren fan beammen en strewellen deromhinne. Hjir en dêr sleatten. Us eftertún waard skaat fan in greide troch in smelle sleat. Yn de winter rieden dêr folwoeksen op redens del, de wrâld yn, yn myn fantasy koest fia in systeem fan sleatten oeral komme. Ik wie net in stoer bern, earder skiterich, gjin idee wêr't dat fan kaam. Mar ik seach oeral gefaar, foaral fan oare minsken, en út en troch fan bisten: lilke hûnen, of in bolle. As ik de lannen yngong, dan moast ik der wol om tinke dat der net earne in bolle omstapte. Myn freon R. en ik waarden bang praat foar in bernepakker, dy't by R. yn 'e strjitte wenne. In allinnesteande man, we setten de stap deryn as we by syn hûs delkamen. Letter die bliken dat it gewoan in allinnesteande man wie, mei in moaie karperfiver yn de eftertún. Mar wat fûnen we it spannend om benaud te wêzen. Myn jeugd spile him ôf yn eftertunen, geheime gloppen en drûge, mei toarnbeistrûken oerwoeksen sleatten, dêr'tst gongen yn meitsje koest, net ien koe dy dan fan de strjitte ôf sjen. Ek rigen konifearen en 'de boskes' om skoalle hinne wiene moaie skûlplakken tsjin de gefaren fan it doarp. Bernepakkers, agressieve, âldere rotbern, spûken, meunsters, aliens, in griemank fan werklikheid en fantasy. Yn dreamen komt dat gevoel wolris werom. It wie net perfoarst in moaie tiid, mar ik makke der yn de holle wat spannends fan, in aventoer, in ferhaal. Troch te skriuwen en te tekenjen krige ik grip op ien en oar. Fantasy foar eangsten en fertriet oer. In skûlplak. Soms bin ik dêr wer, achter hûs, mei de holle reizgjend troch tiid en romte, as ik in gedicht lê. Bygelyks **Oanspiele**, fan Myrte Marije Veenbaas. By it wurd 'eftertún' hie it gedicht my al te pakken. Ik trof de dichter alris yn de stúdzjeseal fan Tresoar, dêr't ik my tsjintwurdich graach ferstoppe tusken de boekekasten, of efter in skerm, om te lêzen en te skriuwen. Myrte Marije Veenbaas wurket hjir ek graach, seit se, in moai plak om jin te konsintrearjen. Se is net allinne redakteur fan de Ensafh, mar dizze snuorje ek Dichter fan de Moanne by it dichterskollektief Rixt. Yn dy hoedanichheid skreau se **Oanspiele**, as in memoriam foar har mem, mei rigels dêr't in bern harsels in grinsleaze, tiidleaze wrâld dreamt.

Sjoch foar it gedicht op side 17.

fuotfear kin men hjir ek nei Oldemarkt oerstekke. It wurdt dêrom no ek wat drokker mei fytsers om my hinne. Ik bin oankaam by Driewegsluis. Dit is in bekend plakje yn dizze omkriten. Der komme hjir jierliks tûzenen boatsjes troch de slûs. De slûs leit yn de Jonkersfeart dy't hjir lâns de Grutte Feanpolder of Helomapolder groeven is en makket ferbining mei de Lende. Der is ek in camping en in bekend restaurant. Yn de fakânsjetiid is it terras hjir altyd gesellich drok. Ik traktearje mysels ek op kofje mei gebak. Nei dit fersetsje rin ik fierder. No is it paad lâns de Lende in dykje wurden. De Grutte Feanpolder is natuergebiet wurden. De boeren dy't buorken op it lân bylâns de Lende, binne, tink ik, útkocht. No hawwe



de pleatsen faaks in oare funksje krigen. Somtiids binne sy in bytsje fersutere en inkelde binne ferbout ta moaie wenpleatsen foar 'Bêd en Brochje'. It wennet hjir iensum. Ik stel my foar hoe't hjir wie foardat de Ofslútdyk der wie.

Wat in úthoeke hat

it hjir west. Dy sfear is der no noch wol wat. Ik sjoch foar my, yn de fiere fierte, de wettertoer fan Kuinre stean. Op in pear pleatsen nei is der oan de âlde seedyk ta allinnich mar iepen fjild. Rjochts fan my is Fryslân. Foarby it natuergebiet is der polderlân mei hjir en der in buorkerij. It lytse doarpke Spangea moat hjir ek earne lizze. Ik kom nammentlik by in pleats lâns wer't in grutte tinte yn it lân stiet. Dêr omhinne wat caravans en campers. Ik bin tsjûge fan de bekende Opera Spanga. Jierliks wurdt hjir yn de iepenloft in opera opfierd. Mei beropsartysten. No stiet de opera Tosca fan Rossini op it program. Neffens de parkearplakken dy't op in greide oanlein binne, komme der in soad lju op ôf. Ik bin no oankaam by in brêge oer de Lende. Hjir is de ferbiningswei tusken Oerisel en Fryslân. Nei dit plak feroaret it karakter ek wat fan de Lende. Kinst sjen dat de see mear ynfloed hân hat. Der is no sels wat foarlân tusken de dyk en de stream. Ik bin no yn de klaaihoeke oankaam. Dat bliuwt sa oant Slijkenboarch ta. Dit is, wer't myn kuier hjoed ophâldt, want der is hjir in bushalte foar de bus nei hûs. Noch ien kear in dei rinne foar it lêste stikje nei De Lemmer ta. Dan kin ik wat mear fertelle oer de skiednis fan it wetter en it gea yn dizze kriten.

7 febrewaris it 50-jierrich jubileum fan it sjongkoar, mar ek it ôfskied fan it koar. Graach wol ik it bestjoer en de leden fan it sjongkoar lokwinskje mei it beheljen fan dit 50-jierrich bestean.

Nei 50 jier is it ôfskied fan dit koar fansels tige spitich, mar troch de weromrin fan de leden kin it net oars. It wie noch ien fan de twa sjongkoaren fan de kriten om utens. No bliuwt allinnich it sjongkoar fan Swol noch oer. Wol moai dat sy ek by it ôfskied optrede sille. It programma fan 7 febrewaris kinne jimme lêze op de siden 8 en 9 fan dit boekje

Op 14 novimber hat de krite sels 55 jier bestien en dêr sille wy seker oandacht oan besteegje. It wurdt dizze kear net in hiel grut feest, sa as by it 50-jierrich bestean by Boerkok, mar it wurdt in wat wiidweidiger krite-middei. It bestjoer begjint oare moanne mei it neitinken oer it programma.

Mar earst krije wy noch in twatal kritegearthkomsten op 14 maart en 18 april. Yn maart komt Teätergroep FJOER mei it stik 'LEK'. De beskriuwing en útnûging stiet op side 10 fan dit boekje. Foar april binne wy noch drok dwaande om in moai toanielstik te krijen.

Bêste minsken, wy sjogge jimme graach mei sa folle mooglik leden wer op 7 febrewaris yn teäter Posa by it jubileum en ôfskied fan it sjongkoar.

Jimme foarsitter, Jan Bijkerk.



Twa âlde foto's fan it krystmiel fan it sjongkoar út 1981. Wa sjocht / wit noch wa't dizze minsken binne?



KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2025 - 2026


DATUM	WAT KOMT DER?
7 FEBREWARIIS 2026	50-jierrich bestean fan it sjongkoar yn POSA
14 MAART 2026	Toanielgroep FJOER mei 'LEK' yn teäter POSA
18 APRIL 2026	Toaniel, kabaret of musyk yn teäter POSA

KRITENIJS.

- As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: an-nie_evenhuis@hotmail.com, dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijis hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl. Yn't foar tige tank.

By it bestjoer bekende troudatums van ús leden yn 2026:

- Eise en Ymkje Bos, op 27 april 2026 65 jier troud
- Jan en Sjoerdsje Bijkerk, op 19 oktober 2026 55 jier troud.
- Metten en Reny Jonker, op 20 oktober 2026 50 jier troud



Ta neitins oan Jitske Ypma - Sietsma

It wie krekt 5 dagen lyn, by it ôfskied fan Fetsje Meijer stienen wy hjir ek en no al wer.

Jitske Ypma Sietsma, ús krite- en sjongkoarlid is, yn 'e âldens fan hast 93 jier, op 7 novimber 2025 ferstoarn. Tige spitich dat sy it 50-jierrich jubileum fan it sjongkoar net mear meimeitsje kin. Jitske wie lid fan ôf it earste oere, wie ek ús earste foarsitter. Fierder wie se by de toanielgroep en yn 'e revu's noch efkes by de skotsploech, tige warber. Se hat ek yn it bestjoer fan ús krite sitten, neat wie har tefolle. De lêste jierren hie se wol mei har sûnens to krijen, yn it bysûnder yn 'e holle, it wie har gau tefolle en it koste tefolle enerzjy. Sy koe hast gjin lucht mear krije. Jitske fûn it spitich dat se betankje moast foar it koar.

De bestjoeren fan de Sékríte en it sjongkoar winskje de bern, bernsbern en fierdere famylje in protte sterkte ta dit ferlies te dragen.

Jitske, wy ferjitte dy net.

Bestjoeren fan de krite en it Frysk sjongkoar.

wurden. In grut part fan dizze dei sil ik yn sa'n wrâld omkuierje. Ik moat de Lende oerstekke. Dat kin by de Gapenburger slûs. Dêr bin ik ek west op myn kuier lâns it Jabikspaad. It is hjir in bysûnder plak. Yn 1825 wie der in grutte wetterfloed. De Súdersé oerstreamde in grut part fan Súd Fryslan. Nei dizze ramp waard op dit plak in seekearende slûs bout. Dy is der no net mear. It Slûswachtershûs is der noch wol.

Keerslûs mei brechje



Ferskûle yn it tichte hout, stiet it op in flinke ôfstân fan it wetter fan de Lende. Under it gersfild, neist it hûs, moat de slûs west hawwe. De streambedding fân doedestiids is noch to finen yn it boskje neist it hûs.

Op it bregje is in moai útsjoch oer de Lende. Streamôf is dy ferbrede ta in lyts mar mei de namme It Wiede. It wetter is in pear hûndert meter breed en in lytse kilometer lang. Foar it bregje is in oanlisplak foar boatsjes. Der leit no in skûtsje oanmarre. It marke, it boatsje en de natuer, it jout allegearre wol in skildereftich byld. Ik bin hjir ek fier fan de bewenne wrâld. Kuierjend oer it paad neist de Lende, sil dat einliks de hiele tocht sa bliuwe. De earste kilometers rin ik oer in nûnderpaadsje (skulpepaad) foar fytters en kuierders. Gapenburg is de namme fan dit paad. Op dizze tiid fan de dei binne der noch net folle fytters. Ik sjoch in soad blommen. Dêr meitsje ik foto's fan. As't sa dwaande bist, dan fljocht de tiid en bist ek samar wer in kilometer fierder.

Ik kom ek foarby it Mallegat. Dat is de farferbining tusken de Lende en Oldemarkt. Fanôf hjir komme der mear boatsjes lâns farren. Oer in

Fuotfear by It Mallegat



Kuier fan Oldemarkt nei Kuinre (troch Eabele vd Veen)

Op 6 augustus ha ik kuiere lâns de grins tusken Oldemarkt en de Kuinre. Dêr foarmet De Lende de skieding tusken Oerisel en Fryslân. De Fryske namme foar de Linde is de Lende. Foar de reis nei Oldemarkt ha ik de trein wer nommen. De thústreis kin dan wer mei de bus. Foar de trein moat ik betiid op. De reis gie sûnder tsjinslach. Om acht oere wie ik al yn Stienwyk. Dêr wie it gjin straf om in healoerke op de bus te wachtsjen. Op it Stationsplein binne moaie blomperken. Dy kin ik dan goed besjen. De planten wurde hiel goed ûnderholden en der sitte ferskate soarten bijen en flinters op. Moai dat dit hjir sa goed fersoarge wurdt. Om njoggen oere kin ik wer kuierje fanôf it plak wer't ik op 25 july op de bus stapt bin. Dat wie oan de Markewei op de hichte fan de Oosterbroekweg. Dy moat ik lâns om by de Lende to kommen. Lâns dy dyk is ek de grins. It fjild foar my is hiel iepen. En troch it heldere en sinnige waar is it hjir noflik to kuierjen. De Lende leit yn in streamdelte. It lân wurdt nei it rivierke ta stadichoan sompiger. Oan de igge fan dit wetter steane hjir gjin boerepleatsen. Earne yn dizze flakte is in lyts boskje. Ik ha lêzen dat dêr yn de twadde wrâldkriich in strafkamp wie foar Joadske minsken. Derfoar stiet in betinkings monumintsje oan de Nyksweg ûnder Blesdike. De namme is It Petgat. Lofts yn de fierte leit no Oldemarkt. De âlde grutte tsjerketoer sil in grut part fan de dei as in beaken oan de kime stean. Ik kom oan by de Lende. De omjouwing is beskermd natuergebiet

**Nije natuer Rottige Meenthe****UT DE BOEKEHOEKE****Josse de Haan**

Josse de Haan is berne en opgroeid yn Peins, in doarp noardeast fan Frjentsjer. De Haan folge de ûnderwizers-oplieding oan de Rykskweekskoalle te Ljouwert. Fan 1962 oant 1971 wie er haad fan de iepenbiere ienmansskoalle te Hjerbeam, dy't yn 1967 in twamansskoalle waard; Trinus Riemersma waard yn 1970 syn direkte kollega. Yn 1971 krige De Haan in beneaming as learaar Nederlânsk oan de Ryksskoallemienskip te Skagen yn Noard-Hollân, dêr't er him ek nei wenen sette. Njonken syn wurk studearre er MO-Nederlânsk oan it Nutsseminary fan de UvA en oan de Vrije Leergangen VU, beide yn Amsterdam. Fan 1982 ôf wenne er dêr ek. Yn 1988 sei er it ûnderwiis farwol en wijde er him alhiel oan it skriuwen. Josse de Haan fêstige him, neidat er wer in skoft yn Fryslân wenne hie, yn 1999 yn it Súd-Frânske grinsplak Hendaye oan de Golf fan Biskaye. Hy wennet dêr tegearre mei syn partner, de Spaansk-Baskyske skriuwster Maite Gonzalez Esnal.

Prizen

Yn 2007 krige Josse de Haan foar syn oeuvre de Gysbert Japicxpriis, fanwegen it leverjen fan in wichtige bydrage oan de fernijing fan de Fryske literatuer. Earder wie hy al twa kear nominearre.

Luit Dijk

**Katastrofe**

**Geeffike
pears
gers**
leafdeslessen

**Tekenfersen**

Op de tee bij..... frou Schiere

We binne op de tee west by frou Schiere-Hoekstra. Sy is berne in Odelamer op 7 maart 1928. Har doopnamme is: Femmigje, mar se wurdt altyd Femmie neamd. Har jeugd hat sy trochbrocht yn Wolvegea en letter binne se ferhuze nei De Jouwer. Har man sealiger, Hendrik Schiere hat se kinnen leard op 'e Midstrjitte yn De Jouwer. Hendrik is begûn by Douwe Egberts en dêrnei hat hy in baan by de gemeente fan De Jouwer krigen. Doe binne se ferhuze nei Dronten, dêr wurke hy by de gemeente Dronten. Earst yn houten barakken. Letter gienen se nei Lelystêd.



Fam. Schiere wie lid fan de Fryske krite yn Kampen, mar doe fûn frou Schiere de ôfstân Lelystêd-Kampen te fier en kaam it idee om dan mar in krite yn Lelystêd op te rjochtsjen.

It oprjochtingsferhaal stiet op de efterkant fan ús griene kritekrantsje. Se hawwe fjouwer bern krigen, twa dochters en twa soannen. De dochters (Anke en Lutske) nimme harren mem altyd mei nei de krite.

Yn har jonge jierren hat se in oplieding oan de moadefakskoalle in Wolvegea folge. Dêrnei is se kûpeuze wurden. Dêr hat se in soad wille fan hân, want se hat de troujurken fan har dochters sels makke. Ek hat se mei Wylske Fransen de kostúms foar it koar naaid. De stof moast út Hurderwyk komme. Hiel folle stof, tink mar ris oan dy lange rokken.

Doe't hja in jier as fjirtich wie, hat se it rydbewiis helle. Dat brûkt se noch altyd, om boadskippen te dwaan en nei de dokter te gean. It is sels noch wer mei fiif jier fernijd! No kin se noch autoride oant 100 jier en hooplik noch langer.

Frou Schiere hat ek lang yn it bestjoer sitten fan "Flevoland helpt Oost Europa", in stifting dy't help ferlient oan minsken út Poalen, Oekraïne, Roemenië en oare East-Europeeske lannen. Se fersoarge benammen

UT DE ITENSIDERIJ

Cake mei cranberrys en sinesapel



Mei 'Hiel Hollân bakt' noch yn myn efterholle, jou ik jimme ek in bakresept. Dizze cake hat wol in soad minder alluere dan harren baksels, mar is wol tige lekker.

Yngrediïnten:

- 50 gr hazzenuten
- 125 gr cranberrys (djipfries of farsk)
- 260 gr patintblom
- 200 gr sûker (of de spesjaal foar bakken gaadlike, plantaardige sûkerferfanger erythritol, dy fia ynternet te keap is)
- oardel teeleppel bakpoeier
- in heale teeleppel 'baking soda'
- in heale teeleppel sâlt
- in ytleppel raspe sinesapelskyl
- 60 gr kâlde bûter, yn blokjes
- 1 klutst aai
- 180 ml sinesapelsop
- in teeleppel fanylje-ekstrakt of in pûdsje fanyljesûker



Tarieding:

- Ferwaarmje de ûne foar op 180°.
- Roasterje de hazzenuten en hak se fyn.
- Hakje dan de cranberrys fyn.
- Ming yn in kom de blom, sûker, bakpoeier, 'baking soda', sâlt en de sinesapelskyl.
- Snij de klontsjes bûter troch it blommingsel.
- Jit it sinesapelsop derby en riert dat der goed trochhinne.
- Foegje as lêste de cranberrys en de hakte hazzenuten ta.
- Doch it mingsel oer yn in bakfoarm en lit it 50 à 60 minuten bakke yn de ûne.

Yt lekker!
Yvonne Nederpel.

**It bestjoer fan de Sékríte nûget jimme
út op 14 MAART yn teäter POSA foar it bywenjen fan
teätergroep FJOER mei it toanielstik**

‘LEK’

De seal is iepen om 14:30 oere, wy begjinne om 15:00 oere.

Tagong: leden € 12,50, net-leden € 17,50



Ynhâld fan it toanielstik:

De relaasje fan in man en in frou rint stroef. Se binne op inisjatyf fan de frou yn relaasjeterapy. Dit wykein sille se, - sa as alle wykeinen - mei de boat fuort en foaral de frou wol de oefeningen dwaan dy't se mei krigen ha fan de relaasjeterapeute. Se moatte wer ferbining mei inoar sykje is de opdracht. De man fynt it allegearre mar ûnsin. It sil in wykein wurde fol ûnbegryp, striid en ûntkenning.

En dan leit der ek noch hieltyd wetter yn de roef ...

Fansels binne der ek wer boeken en sil der in ferlotting holden wurde!

klean en ek breide se klean foar de stifting. Se reizge ferskate kearen nei dizze lannen om te sjen oft it wol goed te plak kaam. Se wie doe al in ein yn 'e santich jier.

Nei it ferstjerren fan har man yn maaie 2008, wennet frou Schiere noch selsstannich. Se hat wat gehoarproblemen, mar bliuwt aktyf. Se borduert noch kaarten, docht puzels, breidet en se sjocht alwer út nei de maitiid, sadat se oan 'e slach kin yn har moaie túntsje. Har bern komme geregeld op besite en passe goed op har. Se hat moai oan't ferhaal west en it wie o sa gesellich. Frou Schiere, tige tank foar de tee en de kreakelingen en it moaie ferhaal.

It sjongkoar sjongt op 'e middei fan 7 febrewaris it bekende lietsje 'It Bûthúsbankje'. Dêr past it ûndersteande gedichtsje fan Anders Wybenga hiel goed by, sa tinkt de feestkommisje.

Dit gedichtsje is troch Eabele fûn yn it boekje 'Alderheljen', wurk fan A.M. Wybenga. It stie yn de Dokkumerkrante fan 21-11-1939.

Kij op stâl

Nou steane se wer yn it bûthús, sa waerm en smûk op 'e stâl,
De bisten, dy't nou net mear klûm'rje yn't lân, op de kant fan de wâl.

De keatlingen krieze gesellich, de sturtlinen slaen hinne en wer,
Dat bin de biwende lûden fan jierren en tiden her.

De geur fan de kouwewazem, fan hea en fan strie en fan foer,
Toraend ta de wielde fan swietrook is suver de lucht foar de boer.

En lizze hja middels to kôgjen, dan azemt alles fan fré,
Dan lizze op 'e rige de rêgen fan 't glânzgjende swartbûnte fé.

De boer sjocht by heafek of golle of sit op 'e bûthúsbank.
En as er syn skatten biskôget, dan tilt him it herte fan tank

Al lizze de lannen forlitten, al klaget de wyn om it hûs
En klettert de rein op de ruten, hjir binnen is nocht by de rûs.

O, bûthús fol fleurige bisten, dou lytse, libbene wrâld,
Hoe hat hjir de helte fan tiden de wolstân fan Fryslân syn hâld!

Anders Minnes Wybenga, 1939.

It bestjoer fan it sjongkoar nûget jimme út
op 7 FEBREWARIS yn teäter POSA foar it bywenjen fan it

50-jierrich jubileum

fan it sjongkoar

De seal is iepen om 14:00 oere, wy begjinne om 14:30 oere.

Oan it ein fan de middei, nei harren optreden, sil ek spiti-
gernôch ôfskied nommen wurde fan it sjongkoar.

Tagong: fergees

tiid	programma-ûnderdiel
14:00 oere	Ynrin: kofje/tee mei oranjekoeke en lotsjeferkeap.
14:30 oere	Iepening foarsitter sjongkoar, Wytske Fransen, mei bylden fan optredens fan ús sjongkoar.
14:50 oere	Foarsitter fan de Sekrite en it Keninklik Frysk Boun om Utens, Jan Bijkerk.
15:00 oere	SJONGEN diel 1: • Frysk Folksliet. • Mar o mar. • Oan de kant fan de mar. • It Wetterlân. • De forel. • De seedyk.
15:20 oere	Foardracht "Seedyktragiek" troch Albert Postma.
15:25 oere	SJONGEN diel 2: • Wâldsang. • Gaesterlân. • It foarjier komt. • Efkes fan it hiem ôf. • De Terp.
15:45 oere	SKOFT
16:05 oere	SJONGEN diel 3: • Ode oan de maitiidsmoarn. • Simmerjûn. • Linebeam.

tiid	programma-ûnderdiel
	• Sulveren Moanne. • Djip yn myn hert.
16:30 oere	Foardracht 'De frije Fryske boer' as 'Jans Testamint' as 'Grutte Pier'.
16:45 oere	SJONGEN diel 4 mei Frysk sjongkoar Swol: • To Maaije. • Frysk hynder. • Simmermoarn. • It Aldershûs. • It Heitelân.
17:00 oere	Sluting en ôfskied troch foarsitter Sjongkoar
17:05 oere	Ferlotting.
17:30 oere	Neisit en der is sop foar de minsken dy't harren opjûn ha en fan fierren komme.

wy winksje jimme allegearre in tige gesellige middei ta!!

De stipers fan de jubileummiddei binne:

- Groene Sluis
- Jan Meijer
- Mevr. Eke Haga
- Dhr. Frans Hesse
- Boonstra schoenservice
- Rene's bloemenstal (Lelycentre naast Lidl)
- Gurbe en Pytsje Veenstra
- Douwe en Klaske Gaastra
- Luit en Johanna Dijk
- Albert en Hennie Postma
- Ellen Smit
- Anneke Noort

It programma is gearstald troch:

Albert Postma, Luit Dijk, Ebele v.d. Veen, Anneke Noort, Klaske Gaastra, Ellen Smit en Wytske Fransen.